

## Jierferslach 2023

Op 1 jannewaris traapje wy it nije jier ôf mei in Nijjiersslokje by ús koek-en-sopy, ûnderoan de reade trep. Yn in grutte partytent dy't ús beskermde tsjin de hurde wyn en rein wie it in gesellige en smûke start fan it nije jier mei sa'n 20 + doarpsgenoaten.

Mar dochs wol ik ek jim ek graach noch efkes meinimme nei in pear wiken dêrfoar. Want de ôfrûne winter hawwe wy ien wykein op it iis stien en wol yn it wykein fan 18 en 19 desimber. By de reade trep wie it iis net sterk genôch en dus wie de iisbaan allinnich tagonklik fia de Bokkestege/Tsjerkepaed. Der waard opropen om net mei grutte groepen by mekoar te stean en dat hie dit kear gelokkich neat mei pandemyske saken te krijen. Spitigernôch wie it wol it ienichste wykein dat wy op it iis stien hawwe mar wy hawwe fansels wol genoaten.

Begjin maart waard de iisbaan wer omtovere ta greide en wie it tiid om ús te rjochtsjen op in simmer wêryn't wat nijs betocht wie... Op de Jiersgearthomste fan 2022 hie Bob de Boer it idee om ús koeke-en-sopy hokje yn te rjochtsjen as lyts museum. De namme LYTS! waard betocht en nijdat wethâlder Hein Kuiken fan Ljouwert om 8 juny symboalysk de doaren iepene, wie it lytste museum fan Fryslân in feit! It wie in feestlike iepening mei muzyk en in buorrel en it museum is de hiele simmer troch besocht troch kuieraars en fytzers út alle wynstreken. Ien fan de earste besikers kamen út Nij Seelân(!). Der kaam in gasteboek wêryn't besikers harren ferhaal kwytkoene en ek yn de media wie der in soad omtinken foar it museum. Wy kinne dus sprekke fan in grut súkses en tankje Bob foar it idee en it hurde wurk. Folgend jier wer?

Op 30 septimber wie de Brûsdei, in dei wêrop ferskate ferienings út de doarpen harsels presintearje koenen yn Doarpshûs De Bining. Joke Scheffer hie by Tresoar houtsjes regale wêrmei't de bern reedride koenen op it parkearplak yn de Wylde Tulpstrjitte en minsken koene op 'e foto mei ús ferneamde houten slide. It doel wie om mear frijwilligers te werfjen foar de feriening. Dat doel is net hielendal helle mar it wie wol in gesellige Brûsdei.

En dan is it alwer novimber. De iisbaan is stadichoan wer ûnder wetter rûn en de minsken op De Wier en it Tsjerkepaed wenje wer tydlik oan it wetter! Dat betsjut dat de iisklup de iisbaan en it hokje wer winterklear meitsje sil.

En no sitte wy hjir yn Doarpshûs De Bining op de dei dat Fryslân wekker wurden is yn in wier *Winter Wonderland* en it earste iis al op de iisbaan leit. De iisbaan graach jit betrede want dan moatte nei alle tinzen swimme. Dêroer sprutsen: wy hawwe in pear moannen lyn in fergunningsoanfraach dien by de gemeente foar in Nijjiersplûns op 1 jannewaris 2024 mar dêr is noch gjin reaksje op. Hâld de Flapút en Facebook goed yn 'e gaten foar updates. Fansels wolle wy yn jannewaris wol wer in Nijjiersslokje organisearje. Jo binne dêrfoar hjirby fan herte útnoege.

Wy hoopje dat it kâlde winterwaar fan hjoed noch efkes trochsette sil en dat wy gau de redens wer ûnderbine kinne. Ek hoopje wy op in moaie winter en dat der krekt safolle minsken nei de iisbaan komme as ôfrûne simmer, doe't ús koeke-en-sopy omtovere woe ta it lytste museum fan Fryslân.

Tige Tank.